

# It nut fan oersettingen, twatalichheid en literatuer

Us maatskippij ûndersiket leaver de mateary as de minske. Hjirtroch wurdt der net folle jild útjûn oan it Frysk of oan de Fryske kultuer. Spitich, want twatalichheid is in tige ryk besit.

Eric Hoekstra

By wittenskip tinkt men al gau oan: bettere sinnepanielen, in auto dy't minder benzine ferbrûkt, in nuver stikje rydark dat nei Mars stjoerd wurdt, de dieltsjefersneller te Genève dêr't mateary útinoar pluze wurdt of de atoombom. Dy dieltsjefersneller hjit op syn Ingelsk de Large Hadron Collider. De bou duorre acht jier en koste seis miljard euro.

Al dit ûndersyk leart ús neat oer wat de minske beweecht, neat oer hoe't de minske yninoar sit, neat oer hoe't de minske in better minske wurde kin. Mar it is wol de minske dy't oan de knop fan de atoombom sit. It is wol de minske dy't sunich en op ferantwurde wize mei enerzjy omgean moat. It is de minske dy't net dronken of stoned efter it stjoer fan syn auto sitten gean moat.

Sadwaande stel ik in ienfâldige fraach oangeande it heechste doel fan wittenskip. Ik jou twa antwurden, en dan mei de lêzer kieze wat it bêste antwurd is.

It heechste doel fan wittenskip is om út te finen:

1. hoe't de mateary yninoar stekt
2. hoe't de minske yninoar stekt

Ús maatskippij stekt hast al it jild yn ûndersyk nei de mateary, mar ik kies foar opsje twa, de minske. Wat is no it wichtichst, it unykst oan 'e minske? Net syn earms of syn lea. Dat fine wy by oare bisten ek. It unykst oan 'e minske is syn geast, dat wat der yn syn holle sit, dêr't er mei tinkt en praat en bout en laket en alle oare dingen docht. Wat leart ús it meast oer de minske? Ik meitsje der wer in moaie kar-út-twa fan.

Wat foar minsklik product leart ús it meast oer de minske?

1. de materiële dingen dy't er makke hat, bygelyks sinnepanielen
2. de ymmateriële dingen dy't er makke hat, bygelyks taal en literatuer

It sil klearichheid ha dat men út in sinnepaniel of in auto net folle oer de minske leare kin. De minsklike aard drukt him it bêst út yn taal, yn ferhalen en yn literatuer. No kom ik oan myn tredde fraach. Wat leart ús it meast oer de minske?

1. ien taal

2. twa talen

Ik soe sizze, hoe mear ynformaasje hoe better. Twa talen jouwe mear ynformaasje oer de minske as ien taal. En dêrom stipet de provinsje Fryslân twatalichheid, want yn ús provinsje binne der tafallich twa talen. Ferlies fan ien fan beide talen soe earmoedichheid wêze. Mar as ien fan beide talen weirekkt, rekket ús twatalichheid wei. No de fjirde fraach. Wat bedriget ús twatalichheid?

1. It Nederlânsk driget út te stjerren.

2. It Frysk driget út te stjerren

Fansels, it Frysk stiet faai. En dêrom stipet ús provinsje de twatalichheid troch it Frysk te stypjen. Dêrby moat de provinsje tsjin alderhanne krêften opbokse. Ien dêrfan is dat Nederlân in tige sintralistysk lân is: alle macht is yn Den Haach. As de provinsjes mear foech ha soenen, soene se in better regionaal belied fiere kinne. No moat alles fia de Rânestêd, en sa't it sprekwurd seit: it himd is neier as de rok. Mar los fan jild en macht stel ik de neikommende fraach

Hoe kinne wy it Frysk riker meitsje?

1. Troch it allinnich te praten

2. Troch it te praten, te skriuwen en te lêzen

Hjir tink ik oars as myn baas op de Fryske Akademy, Hans van de Velde, dy't okkerdeis yn it nijs kaam mei syn idee dat it Frysk mar better in sprutsen taal(tsje) bliuwe koe. Ik ben fan betinken dat soks in ferearming wêze soe.

Ommers, de Nederlânske sprektaal is enoarm ferrike troch de skriuwtaal, bygelyks troch de skriuwtaal fan de Steatebibel. Tal fan útdrukkingen komme dêrwei. Ien as Gerard Reve makket dêr wer somtiden iroanysk somtiden poëtysk gebrûk fan. Skriuwtaal en sprektaal binne net twa lannen mei in stek om elk. De ien ferriktet de oar.

De Fryske sprektaal hat no al fertuten fan de skriuwtaal, as ik bygelyks yn in petear falle lit: 'de hûn sil om him bylje', want dat ferwiist nei in boektitel fan Rink fan der Velde. Of ik sis, ik moast 'neaken en bleat foar de dokter', dat ferwiist nei in boektitel fan Hylke Speerstra. Fansels kin ien sa'n ferwizing allinnich begripe as er Fryske

boeken lêst. Oars hâldt soks wol op. Of ik sis, as in frou mei in romantysk leafdesideaal komt ‘ja ja, frijende kikkerts’.

By sprutsen taal heart skreaune taal en by skreaune taal heart sprutsen taal, likernôch oft it no om popsongs, ferhalen fan pake, ûndogenske sms-kes of in spiritueel betooch giet.

Talen binne net ynwikelber, likemin as minsken ynwikelber binne. Fansels, foar it wurk makket it net út oft Goke de húswarder is of Gerda, sa lang as se it wurk goed dogge. Mar foar de kollega’s sil it wol útmeitsje omdat it oarssoartige yndividuen binne.

Nim de Shakespeare-oersettingen yn it Nederlânsk en yn it Frysk. De Nederlânske oersettingen fan Burgerdijk of Komrij dogge hiel oars oan as de Fryske oersetting fan Douwe Kalma. It Frysk hat oare lûden, oare lûdassosjaasjes, de Fryske útdrukkingen meitsje oare ferlikingen mooglik, en jouwe dêrtroch in oare ynterpretaasje fan Shakespeare. Tink mar oan tsiis en kamembêr. It kin beide op bôle, mar wy soene net ien fan beide misse wolle, want se smeitsje oars.

Grutte skriuwers ha gauris grutte oersetters west. Nim ús aldereigenste Gysbert Japicx. Hy sette mear as fyftich psalmen oer en in kristlik-spritiuele tekst fan Philip de Mornay mei as titel *In bysûndere ferhanneling oer it libben en de dea*. Mear as de helte fan it wurk fan Japicx bestiet út oersettingen.

Troch oersettingen kinne wy boppedat yn ‘e kunde komme mei kultueren fan oare tiden en oare plakken. Ik soe de Fryske bibeloersetting, de *Odyssee* fan Homeros troch Klaas Bruinsma en de *Imitatio Christi* fan Thomas a Kempis troch A.H. de Vries net graach misse wolle. Op dizze wize kriget it Frysk wide kimen. Goede boeken yn it Frysk, oerset of net, jouwe ús in brede blik. Wy kinne de wrâld yn ‘e mjitte komme yn de taal en de wurden dy’t wy fan heit en mem of pake en beppe hearden.

Juster, freed 4 novimber, is de Obe Postma oersetterspriis takend oan Geert Tigchelaar foar syn oersetting fan Bomans, *Erik of it lyts ynsekteboek*. Obe Postma is bekend om syn gedichten, mar ek om syn oersettingen fan Rainer Maria Rilke en Emily Dickinson. Twatalichheid is in ryk besit, en dêrom is it Nederlânsk likegoed as it Frysk in ryk besit. It Nederlânsk hoecht (noch) net hoed en noed fan stien te wurden, mar it Frysk al. En wier, der wurdt net folle jild oan it Frysk of oan Fryske kultuer útjûn, want ús maatskippij ûndersiket leaver de mateary as de minske.

Lit de gedachten marris gean oer de Sintrale As, de dyk fan Drachten nei Dokkum dy’t mear as trijehûndert miljoen euro’s koste hat. Miskien wurdt it tiid om ris foar trijehûndert miljoen in Sintrale As foar it Frysk oan te lizzen? It ferkear yn it Nederlânsk hat oant no ta alle romte krigen, prima hear, mar it wachtsjen is no op rom baan foar it Frysk.

Dit is in bewurke ferzje fan de bydrage troch Eric Hoekstra juster by de útrikking fan de Obe Postma Priis yn Ljouwert

Eric Hoekstra út Ljouwert is geasteswittenskipper en wurket by de Fryske Akademy